

't Skieppesturtsje

Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.



39e jiergong - nûmer 1, febrewaris 2016



Stekt foar jo de hannen út de mouwen



Meer weten? T 06 53 88 61 49

E info@durkbreeuwsma.nl • I www.durkbreeuwsma.nl

Westerskatting 4, 8614 AP Oudega (W)



balen persen en wikkelen • hekkelen • sleepslangbemesten • kraanverhuur
transport met oprijauto • zand-, grond- en grindhandel • grondverzet

GIETEMA

EXMORRA - TJERKWERD

FOURAGE - AGR. WINKEL - TRANSPORT

Tel. 0515 - 576633 - 579156 Fax 0515 - 576644

www.gietemafourage.nl

Kuikens: geef kuikens vanaf de eerste dag Garvo opfokmeel of Garvo opfokkorrel. Het meel heeft een fijne structuur en de korrel is een fijne korrel (2mm). De kuikens eten dit graag en nemen het voer snel op. Bij Garvo opfokmeel en opfokkorrel ligt de nadruk niet speciaal op de groei van alleen vlees, maar op de ontwikkeling van het gehele dier.

Ons Garvo kippenvoer assortiment:

Opfokkorrel	20 kg	€ 13,45
Opfokmeel	20 kg	€ 13,40
Jongehennenkorrel	20 kg	€ 14,35
Legkorrel	20 kg	€ 10,10
Legmeel	20 kg	€ 10,25
Gemengd graan	20 kg	€ 9,75





Redaksje-adres: Mireille Galema
Dyksicht 2
8765 LX Tsjerkwert
☎ 0515-579338
e-mail : itskieppesturtsje@gmail.com

Redaksje :

Gerben D. Wijnja	Anneke Feenstra	Riemkje Swart	Fokko Rollema
Sylroede 4	Bolswarderweg 1a	Sylroede 5	Singel 8a
0515-57934	0515-577117	0515-579706	0515-579051

Stinsilwurk :
Praktijkschool de Diken, Sneek

Foto omslach : Gerben D. Wijnia



ontwerp ■ onderhoud ■ vlonders ■ walbeschoeiing

Sylroede 2
8765 LV Tjerkwerd

Tel: 06 5200 7210
www.bakkertuinanleg.nl

Inhoudsopgave

Fan de redaksje	3
Vrijwillige bijdragen	3
Nieuws van stichting It Waltahûs	7
“Wy ha dêr in pracht tiid hân”	10
Nieuws van oranjevereniging Mei Inoar Ien	16
Nijs fan de Iisklub.....	17
Aggie Walsma sterk op Weissensee	18
Stichting Windkracht 10	19
Van de kerkrentmeesters van Tjerkwerd -Dedgum.....	20
Winteravond in Tjerkwerd.	20
Fotoimpressie Skieppesturt 2015.....	21
Fotoimpressie Winteravond.....	22
Fotoimpressie Toansetters op femuzafestival.....	24
"De Toansetters"naar het festival in Oppenhuizen.....	25
Nijs fan Eensgezindheid.....	25
Doarpsbelang Tsjerkwert e.o.	27
Ut ús âlde printekabinet.....	30
Beabuorstermole wer klear foar it swiere wurk	31
Als elke seconde telt.....	34
Tjerkwerders op de foto.....	35
Glad en vrij	35
“Ik zou wel een jaar directeur van zo’n school willen zijn”	37
Better let dan net!	39
Koken met Riemkje	40
Familieberichten	41
Geboren	41
Overleden.....	41
Even voorstellen	42
Winterkleurplaat	43
Winterwoordzoeker.....	44



*'t Skieppesturtsje is de doarpskrante fan Tsjerkwert en omkriten.
Dizze krante wurdt hûs oan hûs besoarge troch de redaksje.
De krante kin bestean troch frijwillige bijdragen fan de lêzers.*

Fan de redaksje

As in kening fan syn krite stiet er wer te pronkjen yn it fjild fan Beabuorren. De âlde mole dy't yn it ôfrûne jier wer opknapt is en rûnom omtinken krige by it offisjele wer yn gebrûk nimmen. Wy wiene der by en dogge ferslach yn dit nûmer. In terjochte blikfanger dus op de omslach fan ús nijste Skieppesturt.

Foar my persoanlik is dit in bysûnder nûmer, want op 'e kop ôf 25 jier lyn skreau ik de earste bydrage foar 't Skieppesturtsje. Yn dizze doarpskrante fierder folop ynformaasje oer in ferskaat oan ûnderwerpen, fan ferieningsnijs oant fraachpetearen mei en nijs oer bysûndere doarpsgenoaten, wêrûnder ús nagelnije Skieppesturten dy't op it Nijjiersbal de Sturt útrikt krigen.

De aaisikers moatte wy teloarstelle, want it wurdt him dit jier wer net mei it sykjen fan it earste aai en it winnen fan de beker. As neisoargers moatte hja harren leafde foar de frije fjild mar betoane en it gemis fan de striid om de heechste eare mar op'e keap tanimme. It is net oars, mar it fjild sil der net minder moai om wêze.

En dan ha wy it yn ús gearkomst ek noch hân oer takom jier. Dan fiert de doarpskrante it fjirtich jierrich jubileum. Wy tinke der dit jier oer nei hoe't wy dat gepast mei de lêzers fiere sille. Regeare is foarútsjen, seit men, dat sadwaande.

Wy winskje jim folle lêswille en hope foar de reedriders dat der noch in kânske komt om op houtsjes of izers it natoeriis te beriden.

Gerben D. Wijnja (út namme fan de redaksje)

Vrijwillige bijdragen

VRIJWILLIGE BIJDAGEN ZIJN ONTVANGEN VAN;

Mevr. A. de Haan Bolsward; Mevr. C. Roodvoets; D. Bruinsma; W. Poelstra CJ; H.E. Stel; B.R. Bakker; S. Hiemstra.; MTS Galama-vd Meer; J. Postma.; J.S. Reitsma.; C.A. vd Loo België; S. Breeuwsma; MTS J en T Zijlsling; J. Falkena; J. van der Stap; kinderen mevr. Bakker – Rijs.

Namens de redactie, heel hartelijk bedankt voor uw bijdrage!

Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding "Bijdrage it Skieppesturtsje" en het jaar waar het betrekking op heeft.

Bankrelatie ABN/AMRO bank Bolsward. Rekening; NL34ABNA0847668398

Voor een gezellig familie- of bedrijfsuitje kunt u uitstekend terecht bij De Friese Bierbrouwerij



SINGLE MALT WHISKY
FRYSK HYNDER
Golden Spirit of Frisia

Een sfeervolle locatie met
volop mogelijkheden.

Wij kunnen u een rondleiding
door de brouwerij aanbieden
in combinatie met een koffietafel
of koud/warm buffet.

Meer informatie hierover kunt
u vinden op onze website

www.bierbrouwerij-usheit.nl

of bel (0515)577449



US HEIT[®]



PROAST

Snekerstraat 43 8701 XC Bolsward Telefoon (0515) 577449

Skieppesturt 2015 foar Joke en Ids Schukken

By it takennen fan ús wichtige jierpriis is it goed om werom te sjen op ús lytse doarpe tsjin de eftergrûn fan it grutte wrâldbarren. Dy wrâld belibbe yn 2015 in ferhurding troch tadwaan fan radikale oanhingers fan de Islamityske Steat. Unskuldige minsken waarden en wurde de dupe fan harren lugubere dieden dy't rûnom liede ta freze en ôfgriis. It waard wrâldwiid oarloch mei dizze groepearring dy't him ek noch religieus doart te neamen, dy't mei moardzjen en marteljen nimmen mjit dy't oars tinkt. Djip tragysk.

De flechtlingenproblematyk is ek sa'n punt dat de parsekolommen it ôfrûne jier diktearre hat. As doarp ha wy der noch net mei te krijen hân.

2015 stie ek yn it teken fan de ierdskokken, foaral yn Grinslân mar ek Fryslân murk der soms wat fan. En op de klimaattop yn Parys, dêr't 196 lannen oanwêzich wiene, wie elkenien der djip fan oertsjûge dat ús ierde mei útstjit fan broeikasgassen stadichoan in driigjend senario te wachtsjen stiet at wy der mei syn allen net wat oan dogge. It sil noch wol in toer wurde om alle oaljebaronnen en oare belanghawwenden op ien line te krijen om dit wrâldwide akkoart nei te stribjen.

Yn it ferlingde hjirfan kin it ekstreme desimberwaar neamd wurde. De moanne hat sa'n fiif oant seis graden waarmer west as wat normaal is. It fersteurde suver wat it krystgefoel, hoewol in wite kryst ek stikken minder gongber is as wy faak tinke wolle. De hjir yn it doarp organisearre winterjûn holp yn elk gefal mei om yn de stimming te kommen en dêr wie in oanpak mei in breed ferskaat ferantwurdlik foar. Wat wie der in protte te genietsjen: fan nostalgia oant boeken, fan kulinêre lekkernijen oant muzikale sfearmuzyk fan heechsteande kwaliteit en noch folle mear. De hoarn fan de midwinterblazers echode troch de buorren en it korps spile op earste krystmoarn wer de moaiste lieten op harren tradysjonele korpskuier troch de strjitten fan Tsjerkwert.

De klimaattop bringt ús ek op fereaske duorsumens by de lânbou. Enerzjyfbesparring en alternative foarmen fan enerzjyopwekking steane folop yn 'e skynwerpers. Lân- en túnbou binne tegearre ferantwurdlik foar 15 % fan de útstjit fan broeikasgassen yn Nederlân. Yn it ramt fan in ultieme krêftsynspanning om de temperatoerstiging yn 'e stoken te hâlden, binne de plannen foar sa'n 530 megawatt oan wynenerzjy folop yn ûntjouwing. Mar de diskusje bliuwt hjiryn ek libben.

In oanpaste foarm fan lânbou soe sels yn it belang wêze fan nije kânsen foar de greidefûgels sa as skriezen en ljippen. Wy ha it ôfrûne jier gjin earste aai yn ûntfangst nimme kinnen, mar hiel miskien jout 2016 ús de mooglikheid dizze tradysje wer op te pakken. It BFVW tinkt nammentlik dat de ynfloed fan it sykjen fan de aaien op de stân fan de ljippen te ferwaarleazjen is. Wy sille it sjen.

Werom nei ús Skieppesturtdoarp dat it ôfrûne jier net stilsitten hat en ús in nagelnije Skieppesturt opleveret. Der wiene genôch aktiviteiten dy't ús oan it tinken setten. Wy neamden al de winterjûnorganisaasje en it korps. Mar ek de Parodialoop waard nij libben ynblaasd en der kaam in kuiertocht yn it ramt fan de Nacht fan de nacht. Wat wie it tsjuster en wat wie it smûk. In protte folk op in paad oer paadsjes dêr't men oars net sa gau komt.

In boppeslach wie it wer opknappen fan de Beabuorstermole, eigendom fan Stichting De Fryske Mole. It hat in smite jild koste, mar wat is er wer moai en wat docht er wer nuttich mei at de need oan 'e man komt yn perioaden mei heech wetter. Mûnder Jentje van der Stap docht der, tegearre mei kollega Henk Kuipers, alle war foar om ús pronkjuwiel striele te litten. Jim ha him ek grif yn 'e skynwerpers stean sjoen de ôfrûne dagen.

Mar ek nagatyf kaam it doarp yn it nijs. De Himdyk waard útroppen ta de minste dyk fan Fryslân. Dit histoaryske kronkelkarrepaad is eins net boud op it hjoeddeiske ferkear mei swiere frachtweinen en brede lânboumasines. Dat bestjut in hieltyd wer stikken riden fan de ferbining tusken Tsjerkwert en Blauhús. Mar der is hoop. Foar 2016 is betterskip foar dizze fierder o sa moaie ferkearsier tasein. En op 'e nij moatte wy dus mar ôfwachtsje.

Sa stadichoan sitte en stean jim hjir yn 'e seal ek mei spanning te wachtsjen op de ferkiezing fan de Skieppesturt fan it jier 2015.

En dus geane wy oer nei de mear persoanlike oantinkens dy't ús bringe sille by it feestnûmer fan de jûn.

Wy wolle Joop en Akke lokwinskje mei harren 40 jierich houlik. Bysûnder. Wy wolle ek Sjoerd en Boukje lokwinskje mei harren stap nei it stêdhûs. Ek jim winskje wy folle lok op jim fierdere libbenspaad.


Op 30 desimber kaam it wetter wer op de iisbaan. 2015 brocht ús op dit mêd gjin gelok, mar wa wit: de waarkaarten binne wat útienrinnend, mar mei Piet Paulusma doar ik wol te sizzen: "Wy komme wer op it iis te stean", jawis ek al sil it allinne mar keunstiis wêze.

Iis en feest heare by inoar. De winterwille hat der ferlet fan en ús feestnûmer hat dêr ek wol wat mei te krijen. Ach, hokker feriening hat eins net syn foardiel dien mei de ynset fan dizze betûfte frijwilliger. Nee, ik siz it ferkeard: frijwilligers. Der is suver gjin jier foarby gien of hja hiene wol wol wat mei de ien of oare foarm fan ferieningslibben.

Hja binne belutsen by of ha ynset toand by of foar Doarpsbelang, Oranjeferiening, it Walthûs, sawol yn 'e stichting as ek achter de bar by feesten en spesjale byienkomsten, de Keatsferiening, de Parodialoop, de Basisskoalle, Tegenstroom yn it ramt fan de wynturbines, toanielstikken, Sinteklaas en wêr dat mar nedich is soargje hja foar in helpende hân.

Wy ha it dan net oer in bestjoer, mar oer in echtpear wêrfan ien hikke en tein is yn dizze kontrijen. Nei syn trouwen húsmannen se in skoft yn in arkje dêr't no it haventsje leit en fanôf dy tiid wie it: "georganisear" klear ... dan wisten /witte hja it wol: genietsje mar...

Minsken it kin net misse, wy ha it oer Joke en Ids Schukken.



Nieuws van stichting It Waltahûs

Hierbij weer de winter update van It Waltahûs. Helaas hebben we nog niet erg kunnen genieten van echt mooi winterweer.

Het seizoen werd op 3 oktober geopend door de band Steamin, deze band uit Hoorn had leuke stevige blues en rock & roll nummers. Het was een gezellige avond echter had wel wat meer publiek bij gekund.

In de herfstvakantie hadden vrijdags weer de gebruikelijke filmmiddag voor de kinderen en filmavond voor de volwassenen. De opkomst middags bij de kinderen was prima echter 's avonds waren er maar 5 personen wat echt heel jammer was, hopelijk volgende keer beter.

Op zaterdag 24 oktober was door het Tjerkwerd Cultureel Clubje de Nacht v/d nacht georganiseerd. Na een mooie tocht langs oa de molens en Van Buren in Bolsward kon er uitgerust worden in het Waltahûs. Druppelsgewijs kwam iedereen binnen waarna onder het genot van een drankje flink nagepraat werd over deze fantastisch leuke avond.

De dames heren en jeugd sociëteit werd door Germ en Jaap op vrijdag 13 november georganiseerd. Wellicht kwam het door de datum maar de opkomst viel wat tegen. Die er toch waren hebben gezellig spelletjes gedaan, wat gedronken en gekletst.

Een week later was een druk weekend met de IJclub jaarvergadering, aankomst van Sinterklaas en 's avonds de grote kwisavond. Dit jaar hadden 11 teams zich opgegeven om weer te strijden wie de meeste kennis bezit.

Dit jaar een iets andere opzet met meer het karakter van een Pubquiz dus vragen werden voorgelezen en veel muziekvragen erbij. Dit bleek toch wel erg moeilijk te zijn getuige de blanco antwoorden.

Uiteindelijk bleek wederom de Kaatsclub de meeste vragen goed te hebben, Dorpsbelang werd tweede en team Reinboge wist hun debuut met de derde plek op te sieren. Nadien werd nog lang nagepraat over de vragen en de antwoorden onder het genot van een borrel, kortom het was weer een leuke avond.

De altijd drukbezochte jaarvergadering van Dorpsbelang was op 27 november en de kerststukjes zijn dit jaar op 11 december gemaakt, weer onder de creatieve begeleiding van Thea, nog bedankt hiervoor!.

Op 18 december was heel Tjerkwerd in kerstsferen gehuld en kon op diverse plekken gekeken, gekocht en gegeten worden. In het Waltahûs was onze eigen DJ Claus aanwezig waar gedanst en gedronken kon worden.

De rond Kerst terugkerende zaken zoals 60+ soos en kerst klaverjas ontbraken natuurlijk ook dit jaar niet.

Op 31 december was er 's middags buiten weer carbidschieten en bier en olieballen in het Waltahûs. Vanaf 1 uur was ie weer open en kon eenieder elkaar een goed Nieuwjaar wensen.



Zaterdag 2 januari was het traditionele Nieuwjaarsbal. Voor muziek zorgde de inmiddels vertrouwde Waltahûs huisband De 4B's (zie foto).

Tussendoor werd de Skieppesturt uitgereikt aan Joke en Ids Schukken. Totaal verbaasd en verbouwereerd namen ze hun prijs en felicitaties in ontvangst waarna getoast en gedronken werd tot in de late uurtjes.

Tijdens deze avond werd afscheid genomen van Jasper als bestuurslid van de Stichting. Evert Bakker is bereid gevonden om plaats te nemen, Jasper bedankt voor al je inzet de afgelopen jaren en Evert welkom bij de club.

Op 30 januari was er de playbackshow met als thema playback je gek. Het was helaas niet een grote gekkenboel want het aantal opgaves viel wat tegen maar uiteindelijk toch nog 9 acts te bewonderen.

Bij de kinderen was helaas geen opgave en bij de jeugd waren dit er drie. De derde prijs was voor Adele met Hello en uitgevoerd door Doutsen, Daphne en Amarins, de tweede plek voor Lieke Draaisma met een nummer van Carly Rae Jepsen en de meiden Anne, Anna, Sanne, Birthe, Lineke en Lysbet gingen er met de eerste prijs vandoor met hun show van het nummer Proud Mary van Ike en Tina(s) Turner.



Bij de volwassenen waren er zes deelnemers; onze eigen Jan Nota werd geplaybacked door Jelle waarbij Jan met woord en gebaren liet zien dat "Ouderdom komt met gebreken". Ze scoorden hier de derde prijs mee. Tweede werd Janita met de titelsong van de nieuwste James Bond film; Writings on the wall van Sam Smith. Met de hoofdprijs gingen ook dit jaar de Tjerkwerd Ladies vandoor met hun uitvoering van de Hunekop met Iets Dwars. Ze wonnen de eerste prijs en de jury bestaande uit Conny, Anke en Sietske gaf hen ook de wisselprijs.

Het publiek had ondertussen ook hun stem uitgebracht en na telling bleek dat Ike en Tina Turner nog een keer het podium op mochten dus de meiden hebben zich toen snel nog een keer verkleed.

Na de prijsuitreiking werden de juryleden en Jasper voor de presentatie bedankt dmv bloemetje.

Toen was het de beurt aan discoshow Fullsound om nog wat lekkere (verzoek) nummers te draaien terwijl iedereen aan het kletsen en drinken was. Kortom het was weer een geslaagde avond!!

De jaarlijkse vrijwilligers avond zal op **9 april** gehouden worden. Het thema hebben we nog niet helemaal duidelijk maar wordt vast en zeker weer een leuk en gezellige avond dus noteer alvast.

Verder wellicht nog een Sociëteit avond ergens in maart of april maar dit kunt u zoals altijd binnenkort op de M.A.T. lezen.

Nog een laatste mededeling; het heeft even geduurd maar sinds kort is er wifi in het Waltahûs beschikbaar.

In ieder geval veel plezier en gezellige avonden toegewenst namens het bestuur..!!!

“Wy ha dêr in pracht tiid hân”

Sietse en Doetie op ‘e tekst oer de foargonger fan it hjoeddeiske Waltahûs

Troch Gerben D. Wijnja



*Foto út ‘e
oarlochsjierrjen.*

*De
Alvestêdetocht
gie om ‘e noard.
De riders op ‘e
trekfeart sette
op Parregea ta.
Lofts njonken de
tsjerketoer de
âlde Harmonie.*

It gûnze troch de buorren: “Se binne begûn mei it slopen”. It hege doarpskafee by de brêge waard mei de grûn gelyk makke. In gebou mei in ryk ferhaal oer brulloften, gearkomsten fan fleur en fertriet, oer winterjûnenochten, priisútrikings by reedridery en gean sa mar troch waard sljochte. It like wol of liet gjinien in trien. Wat âldere krinkjespuiers stiene op ‘e brêge te sjen nei it wrotten en wramen fan de slopers. De âlde Harmonie hie ôfdien, der moast wat nijs komme, in doarpslûs dat by de tiid wie. It folk seach dêr nei út en de âlderein hie dan wol de oantinkens, hja wisten ek dat der wat moais foar yn it plak komme soe. By guon sil it ek sear dien ha, mar dêr hie it lytse beukerke fan likernôch fiif jier gjin lêst fan. Hy wie op de aksje ôfkommen en belibbe dy histoaryske ôfbrekkerij mei wille. It joech ferdivedaasje en it lytse baaske seach mei ferwûndering nei dy sterke mannen. Soks spruts him wol oan. Dat er letter timmerman wurde soe en yn de nijbou genietsje mocht fan in oare ferdivedaasje, koe nimmen betinke. It beukerke fan doe, Sietze Bakker, blik mei syn frou Doetie werom op harren tiid yn dat nije gebou. Wy dogge dat om’t der op ‘e nij ferbouplannen op tafel kamen op de jiergearkomst fan Doarpsbelang, ôfrûne hjerst yn it Waltahûs.

Noflik ûnderút sakke op ‘e bank docht Sietze syn ferhaal. Doetie hat kofje set en heart him mei niget oan. It is in moai ferhaal fan syn grutte passy dy’t al sa jong grûn fûn by it ôfbrekken fan dat dochs wol moaie gebou mei har rike skiednis. Mar de oantinkens fan harren beiden begjinne mei dat nije gebou dat fan ‘e tsjerke wie. Kloften folk kaam der oer de flier. Sietze lit in tefreden

lait sjen as er dêroan weromtinkt. It wiene moaie tiden dy't suver automatysk ûntstiene .

Frou Weistra hie yn syn opslûpen tiid de rezjy oer it barren yn dat nije doarpshûs. Sietze kaam der graach en fûn it meihelpen moai wurk. En frou Weistra koe wol wat help brûke:

“Har man Klaas wie mear fuort mei it brommerke. Sy moast har mar rêde. Hy mocht ek mar al te graach in slokje en wie nei ien al yn ‘e oalje. Hy fielde him better op ‘e kruk as achter de bar.”

Sietze tinkt der mei wille oan werom.

“Ik wie sa’n tweintich jier doe’t ik dêr altyd al wat omtyske. ‘Ah, daar komt myn pop ok weer an’, sei se dan yn har Luwarter dialekt at ik der oan kaam om te helpen. Se kamen fan Limboarch en wiene hjir om 1963 hinne delstrykt as opfolgers fan Klaas van der Werk. Ik wie doe 18 jier. Myn tante Corrie en omke Jan Suierveld fan Lollum hawwe harren brulloft noch by him fierd yn it doarpshûs.”

It âlde doarpshûs hie eins in ûnhandige yndieling. De yngong siet op itselde plak as no. Mar links wie in winkelstje dat de yngong oan de trekfeartkant hie. It lei sa’n 40 sintimeter leger as de gong nei de seal. Yn dy gong siet in doarke syn nei dat winkelstje. Letter wie dat in wenninkje. Yn dat kesyn wie in planke spikere. Foar de betsjinning. Dêr skean foaroer wie in dûbele doar nei de seal. En dan kaam der in smel gongkje. Links wie in keukentsje, it domyn fan Binkje Kuipers en Elske Oostenveld. Dan kamen der twa húskes (WC) mei nei bûten draaiende doarren. Rjochts wiene yn dat smelle gongkje de kleanheakken. It wie in tige smelle bedoening, want foar de húskes oer wiene nochris klapdoarren nei de seal. Nettsjinsteande dizze ûngemakken kaam Sietze der graach.

De seal

“Wy fersierden de seal. Dat fûn ik leuk. Ik hie parasjutedoek en dat spanden wy oer de seal. Wy brûkten ek wol grutte netten fan it fuotbaljen of volleybal en hongen der fan alles oan om it gesellich te meitsjen. Der kamen sels lampen yn fan ferskillende kleuren. Dêrfoar moasten de gewoane der earst wol útdraaid wurde en dat wie in sinnich wurkje.



Der wie ek in kreake, skean omheech. Dêr sieten wy as jonges wol mei toanielstikken. Der wie wolris in klusje en dan mocht ik graach ris eefkes helpe. Sa njonkenlytsen wie der inkeld ris in dûnsjûn en doe sieten wy as maten by elkoar en sa ûntstie it plan om dy dûnsjûnen troch te setten.

Sa kaam ek de namme SAM dy't stie foar de earste letters fan de foarnammen fan Sietze Bakker, Ale Walinga, de soan fan it haad fan de skoalle en Murk Wijngaarden, Doede syn broer. Gerben Draaiier wie der ek by, de soan fan fytsmakker Tsjamme dy't flakby wenne, yn 'e steech. Foar de muzyk skille ik mei sa'n Wâldpyk, in lyts mantsje dy't mear as tsien bandsjes ûnder him hie.

Dat die in pear hûndert gûne. Frou Weistra hie de fertsjinst fan de bar en wy de ynkomen fan de entree. En dat koe wol út, útsien dy iene kear dat troch min waar it folk fuortbleau. Wy hiene foar Weistra in bar spikere, simpel hear, foar de achterdoarren fan de seal. It bestie út in plaat hout mei wat balkjes en wat âlde kleden derfoar. Mear wie it net. Dêr stie sy dan achter it bier te ferkeapjen. Mar nei ôfrin moast it wol altyd wer ôfbrutsen wurde. It wie oars wol in ferbettering, want dêrfoar ferkocht se de pilskes oer de planke dy't yn 'e gong tusken de doarstilen fan har winkelstje spikere wie. Dêr stie dat lytse wyfke dan achter, 40 sintimeter leger as de gong. In nuer gesicht. De seal hie yn 'e flier ek in lûk mei in knappe kelder derûnder. Dy stie fol stuollen dy't oerstallich wiene. Klaas Weistra brûkte de kelder om houtsjes te kappen foar de kachel. Oars moast er dat op stjitte dwaan."



It gie poerbêst mei de plannen fan it trijekaart SAM. De dûnsjûnen waarden drok besocht. Mar op it lêst hold dat op. Sietze:

"Op in dei kaam der in man oan 'e doar mei in taske ûnder de earm. De tas kaam iepen en doe liet er my in map fol

advertinsjes sjen. Ik skrok der fan. Dat wiene al ús dûnsjûnen. Wat woe dy man? Doe kaam de aap út 'e mouwe. It wie in man fan 'e belesting. Wy stiene as wurkjouwer te boek en wiene dus leanbelesting skuldich. Alles wie foarhinne swart betelle, sa't se dat no neame. Der kaam in oanslach fan 1125 gûne. Dat wie yn dy tiid dochs in kaptaal en dat moasten wy op 't kleeid lizze. Wy wiene fan doel om noch in grut feest te hâlden, mar nei dat akkefysje wie it jild op en gong it feest oer."

Nei sa'n dûnsjûn wie Sietze der sneins as earste wer om alles op te romjen en om skjin te meitsjen. Mei de fjurrenhouten flier wie it oppassen, want dy siet stiiffof splinters en peuken wiene platwâlde of yn 'e kieren bedarre. Sa njonkenlytsen wie der eins wol ferlet fan in wat moderner doarpshûs. Mar dêr wie jild foar nedich, soks wie net om 'e nocht. Sietze stelde foar in koekeaksje te hâlden. Bakker De Jong bakte 5000 koeken dy't útsutele waarden yn Tsjerkwerd en omkriten, mar ek yn 'e stêd Boalsert. Yn 1971 koe útein setten wurde mei de ferbouwing. In berch frijwilligers wie yn earstoan yn tou, mar op it lêst tinne it aardich út. De echte fakmannen en leafhawwers bleaune oer wêrûnder Sietze en syn broer Rinse fan Fjildhuzen. 125.000 gûne hat it koste om it nije doarpshûs yn gebrûk kinne te nimmen. En twa slachtoffers: Durk Walsma (Bertus syn heit fan Iemswâlde) stoarte by it slopen fan de kreake mei nei ûnderen en ferbrizele syn hakken. Dêrtroch koe er in skoft it boerewurk net dwaan. En dan wie der noch Laas Boersma dy't by it slopen in harsenskodding oprûn. Soks hie op de aktiviteiten dochs in grutte ympekt. Doe't it wurk der hast op siet, ha Sietze en Rinse de bar noch makke wylst it korps der al yn wie te oefenjen. Dy koene amper langer wachtsje, want foar de iepening moast der fansels muzyk spile wurde. De sneons sieten de beide mannen der om tolve oere nachts noch te barspikerjen. *"Wy wiene net fan dy rûchhouwers, dat it korps hat gjin lêst fan ús hân hear,"* glimket Sietze.



Burgemeester Pieter Tjeerdsma van Wonseradeel (links) heeft net de schaar van Katharientje Jorritsma gekregen om het doek voor het naambord weg te knippen. Rechts mevrouw Tjeerdsma, die bloemen kreeg aangeboden door Ellie van Zuiden. Op de achtergrond staat dorpshuisvoorzitter Jan Dijkstra de zaak gade te slaan en bij hem een groepje gymnasten, dat aanvankelijk een erehaag zou gaan vormen, maar dat door de regen maar naar binnen ging.

Iepening en hoe fierder



*Sietze en Doetie
helje oantinkens
op mei de foto's
út it album*

En doe kaam de iepening yn 1973. Doetie siket it kranteknipsele op dat wy eefkes letter mei oandacht trochnimme. Sjoerd van 't Zet en Douwe

Jorritsma soene it doarpshûs tegearre runne, op eigen manneboet. Dat duorre mar eefkes, want it mislearre, nettsjinsteande alle goede bedoelings. Doe wie der ferlet fan in nije behearder. Sa woe de Stichting It Waltahûs it ha. De bruorren Rinse en Sietze Bakker diene derop. Der waard fergadere yn 'e boppeseal en de beide mannen kamen as geunstichste út de gadingmakers. Dat it de ynstimming fan in protte minsken hie die wol bliken: dy jûns gie it nijs sjongend troch de buorren: "Sietze, hat it Waltahûs, Sietze hat it Waltahûs, Sietze hat it Waltahûs, tra-la-la-la-la" en dan begûn it op 'e nij op de meldij fan de namme fan in fuotbalclub dy't de wrâldcup wûn hat. En sa brekt dan de perioade oan fan Sietze en Doetie. Rinse krige al gau ferkearing, siet leaver op 'e kruk as achter de bar en wie bliid at Doetie der yn kaam, want dan koe sy him ôflosse. Sa skarrele Doetie te hea en te gers yn it fak fan behearder. Der wiene thús ek twa lytse famkes, mar der waard in soad oppast. Doetie fertelt grutsk fan de súksesjierren:



"Wy ha in soad brulloften hân. Dat wie ek wol in protte wurk, want wiest der samar trije dagen mei ûnderweis. In 1978 hiene wy ris sân yn tsien dagen tiid. Okke Postma en Hiltje fan Iemswâlde wie ús earste feest."

Sietze wit it noch goed.

"Hoe moasten wy dat ha. Underfining yn kelnerjen hiene wy net safolle. Mar Paul Andela, in ferneamd man op dat mêd, kaam ús paadwiis meitsjen. Hy kelnere ek altyd by it Keninklik Hûs at dat earne yn Fryslân te gast wie. En sa fielden wy ús ek noch in bytjse Hofleveransier. Der wie ek sa'n protte te rêden."

It nije Waltahûs hie grutte fêste klanten op sneons sa as de Katholieke Plattelandsjongeren, de LTS, de Mulo en de HBS fan Boalsert en alle freedtejûnen wie it smoardrok. : it jongfolk kaam út de omlizzende doarpen nei Tsjerkwert dat in bêste namme krige. It wie sels sa dat de kafeebazen út oare doarpen mei in skean each nei de “kroech” fan de Skieppesturten seagen. It koe ek allegear en dan wie it grut feest. It wiene fansels lange dagen foar Sietze en Doetie. Sietze wie oerdei timmerman en moast dan jûns wer yn’t spier en Doetie wie húsfrou en mem en berêde oerdei de gong fan saken. Dan moast der ek skjinmakke wurde en dochterke Elizabeth boarte der dan wol wat yn dy grutte romte. At Sietze de nachts om fjouwer oere thús kaam, wie Doetie al thús. De oppas bleau meastal sliepen en dat wie wol sa noflik. Dan dreau it nea. Sietze fertelt dat it ien kear wol hiel slim út ‘e hân rûn mei de tiid: de sneins kaam er de moarns pas healwei achten thús! Der moast fansels wol wat organisearre wurde, want de Bakkers moasten de pachtsom werom fertsjinje. De Stichting sette Bingojuenen op en Sietze en Doetie kamen op it idee om fondujuenen te organisearjen. Oeral kamen de fondustellen wei en mei de muzyk fan “Gold Star” fan Koudum wie it beregesellich. Doetie: *“Wy ha it as hobby derby dien. En nea wiene der swierrichheden. Sietze wie der alle jûnen en sloech nea in jûn oer. Tiisdeis wie er der fansels. Dan wie der kaarten en biljerten, in topjûn. En fierder waard de seal troch de skoalle brûkt as gymseal, de bank hie der sitting, it beukerburo en alle ferienings holden der harren fergadering.”*

In anekdoate

It wie altyd in drokte fan komsa en dan lei gedoch op ‘e loer. Mar dêr wie neat mis mei. De plysje wie der fansels ek noch. Sietze:

“Dy kaam der wolris yn en makke nea drokte. At it mar rêstich bleau. Nei syn tsjinst mocht er ek wol graach in slokje. Hy wie faandeldrager, in sterke earm. Ik sjoch him noch oan’e bar sitten. In jeneverke foar him. Mar doe moast er wer fuort en sette er mei syn bestelautootsje ôf, de buorren troch nei de Ald Dyk by Ule Haarsma. En dêr joech er him del, achter yn syn weintsje, de doarkes in eintsje iepen en de fuotten der ta út. En doe foel myn each ynienen op de plysjepet dy’t noch op ‘e bar lei. Doe sei Doede (Wyngaarden): ‘Ik wit wol wer’t er stiet, ik bring him de pet wol’.



It tekenet de sfear. Doetie sjocht der yn elk gefal krekt as Sietze mei wille op werom. Doe’t se der mei opholden en de húshâlding foarrang joechen, mei ynjûn troch de slimme sykte fan harren dochter, waard der in moai tinkboerd oanbean. Grutsk lit Doetie it my sjen. En doe fertelde se: *“Doe’t wy beiden ôfrûne Kryst ús âlde fak wer ris útoefenen by de SOOS, reinde it komplimenten. Wat in lekkere sop en*

salades!” Dat smakke grif nei mear. Wat wit.

Nieuws van oranjevereniging Mei Inoar Ien

Op vrijdag 22 januari vond in het Waltahûs de jaarvergadering van de oranje vereniging plaats. De opkomst was met slechts 14 personen zeer mager maar het biedt wel de mogelijkheid voor iedereen om zijn of haar zegje te doen. Onder het genot van een heerlijk stuk oranje koek werd dit dan ook gedaan. We zijn altijd blij met tips en ideeën en nemen deze altijd weer mee naar onze komende festiviteiten.

We kijken terug op een mooi jaar waarin het weer ons ook positief gezind was. Een sportieve Koningsdag met het kaatsen, volleybal en Jeu de boules maar ook het DiscGolf, de KinderDisco en de barbecue met het onovertroffen draaiend rad.

Ook tijdens het dorpsfeest konden we genieten van mooi droog weer en steenkoud Trekvaart water waarin menig buurtgenoot mocht onderdompelen. Dezelfde sporten als Koningsdag passeerden de revue maar ook "Op naar de Top" en "het Notencircuit" vergden van vele dorpsgenoten het uiterste. Als klap op de vuurpijl hadden we aan het eind van de middag 'De vrienden van Tsjerkwert LIVE'. Ook tijdens de jaarvergadering werd hier nog over nagepraat, wat een geweldige afsluiting met al dat talent van eigen bodem!!! De band 4Ward wist na al dit enthousiasme dan ook niet meer van ophouden en zo werd er nog lekker door gedanst en gefeest.

Ook kwam de Sint nog op bezoek. Een spektakel zonder Sint, zo leek het... Gelukkig was hij uiteindelijk door zijn wijsheid de, op de digitale wereld vertrouwende Pieten, toch de baas.

Het komende jaar vieren we natuurlijk weer Koningsdag wat zal plaatsvinden op woensdag 27 april. Het dorpsfeest vindt plaats op 2 & 3 september en heeft als thema 'Tjerkwerd draait door'. Tsjerkwert zal 2 dagen in het teken staan van de TV. Het feest zal opgeluisterd worden door een optocht en zeskamp. We hopen wel op wat meer deelname tijdens de optocht (voor zowel Kongingsdag als het dorpsfeest) want het is leuker om met 25 man achter het korps aan te lopen dan met een man of 5. En of de Sint dit jaar weer komt... We kunnen niets toezeggen...

Tot slot willen we alle vrijwilligers bedanken die op wat voor manier dan ook een bijdrage hebben geleverd aan een super geslaagd jaar.



Nijs fan de Iisklub

Spitich genôch hawwe wy it ôfrûne jier '14/'15 wer in rêstich jier hân wat de winter oanbelanget. Mar as iisklub hawwe wy wol it ien en oar by de ein hân. As der yn't winterskoft gjin iis is, geane we mei de leden fuort te riden. Meastentiids sette wy nei Thialf ta, mar troch de ferbouwing dêr, hawwe wy nei de iishal yn Ljouwert west. De opkomst wie net tige grut, mar de bern dy't mei wiene hawwe harren poerbêst fermakke.

Nei njoggen jier ôfwêzichheid fan de Parodialoop hat de iisklub dit mei in hiel soad frijwilligers wer oppakt. De Parodialoop mei in Kidsrun foarôf is holden op 3 maaie. Mei troch frijwilligers en stipers wie it tige slagge. Foar dit jier stiet de **Parodialoop en Kidsrun** wer op de aginda en wo op **snein 1 maaie 2016**.

Wy hawwe dit jier ek mei it lidmaatskip fan de KNSB oan'e gong west. Wy hawwe hjir in stikje oer skreaun yn't Skieppesturtsje en de leden ynformearre. Jo koene maile as skilje as jo it net iens wiene mei it stânpunt fan de iisklub. Der is gjin inkele tsjinreaksje kaam. It lidmaatskip is dan ek opsein. Wy hawwe op dit stuit in oanbod krigen dat wy as iisklub lid wurde kinne fan in netwurkgroep fan't Gewest Fryslân.

Op 20 novimber 2015 hawwe wy ús jiergearkomste holden. Dizze kear wer in moaie opkomst fan 31 leden. Hjir hawwe wy it noadige ferhannele. Elts jier hâldt de iisklub in ferlotting. Wy hawwe dit jier ferskate bedriuwen oanskreaun om ús te stypjen: **A.P. v/d Feer, Poeisz, Fouragehandel Gietema, De Hekserij, Hochwald en Van der Leur** mei 6 lekkere flaaien. Geweldich en tige tank hjirfoar.

De haadpriis, in pear noaren, gongen dizze kear nei Auke Walsma. Dit jier hawwe wy ôfskie nommen fan Bertus Walsma as bestjoerder. Hy hat acht jier yn't bestjoer sitten en hat syn paadsje letterlik en figuerlik skjinmakke. Hy wie fan alle merken thús, sa as starter, pomper, iismaster, ferkearsregelaar en yn't lêst as foarsitter. Hy waard dan ek tige betanke foar syn ynset. Foar Bertus hawwe wy in nij entûsjast besjoerslid fine kinnen, nammentlik Jelle Feenstra. Anne Bakker wie dit jier ek ôftredend, mar hat him wer beskikber steld foar in termyn fan 4 jier. Hjir binne wy tige wiis mei en Jelle en Anne wurde beide mei applaus wolkom hjitten.

Nei de jiergearkomste hawwe wy in moai filmke en foto's sjoen fan de Parodialoop en de Kidsrun fan it ôfrûne jier. Dat wie tige slagge.

Oan't no ta is it wat in kwakkelwinterke. Troch de izel koe der dochs noch efkes op strjitte en betonpaden reedriden wurde. Dat wie wol hiel unyk. We wachtsje it ôf en miskien lit Kening Winter him noch yn febrewaris sjen.

Iisklub Tsjerkwert

Aggie Walsma sterk op Weissensee

De afgelopen week zijn er weer verschillende natuurijs wedstrijden geschaatst op de Oostenrijkse Weissensee. Jaarlijks trekken eind januari vele duizenden Nederlanders naar de Weissensee voor de Alternatieve Elfstedentocht. De marathonschaatsende dames en heren rijden behalve een Alternatieve Elfstedentocht van 200 kilometer een Nederlands kampioenschap, de Aart Koopmans memorial (organisator van het eerste uur) en een criterium.

Vooraf Aggie Walsma, buurtsportcoach bij de gemeente Súdwest Fryslân, uit Bolsward kan terugkijken op een zeer geslaagde week op het Oostenrijkse natuurijs. Tijdens de eerste wedstrijd van het open Nederlands kampioenschap over 70 km kwam Aggie als 10^e over de finish in een massasprint.

Op woensdag stonden de dames en heren aan de start voor de alternatieve Elfstedentocht over 200km. De ploeg van Aggie Walsma 'team Cenned' beleefde een topdag met een overwinning voor Birgit Witte en een prachtige 3^e plaats voor Aggie Walsma. In de finale schaatste Aggie in een kopgroep van 17 richting de finish. Een aantal top sprintsters had de slag gemist of zag hun kans in rook opgaan door een val. Aggie Walsma ging de laatste 100meter zelfs als eerste in maar kon dit niet vasthouden tot de streep. Wel kwam ze met haar armen omhoog als 3^e over de streep.



Daags na de 200 km konden de dames en heren aantreden voor een criterium. Een wedstrijd waarbij de heren 50 minuten en de dames ruim 30 minuten aan de bak konden. Bij de dames pakte Merel Bosma uit Sneek de 5^e plaats en bij de heren kwam Arjan Kramer uit Sneek als 15^e over de finish.

De laatste wedstrijd op de Weissensee was de Aart Koopmans memorial 100km voor heren en 80 voor dames. Aggie Walsma ontsnapte na 30 km samen met Lisa van der Geest en al snel bouwden deze twee een voorsprong op van 2 minuten. In de laatste ronde kon Aggie Walsma van der Geest niet volgen, maar kwam wel met een ruime voorsprong op het peloton als 2^e binnen.



Stichting Windkracht 10



Bestuurswijziging.

I.v.m. de aanstaande verhuizing van Riets van Buren naar Bolsward heeft het bestuur gezocht naar een vervanger voor Riets. Deze hebben zij gevonden in de persoon van Cees Nieboer, wonende aan de Hemdijk 3 te Tjerkwerd. Riets is vanaf 1 sept. 2004 bestuurslid geweest. Binnenkort gaan wij officieel afscheid van Riets nemen en Cees verwelkomen.

Tijdens de jaarvergadering van Dorpsbelang op 27 nov. 2015 hebben wij een overzicht van de gehonoreerde aanvragen gegeven. In het verslag van de jaarvergadering van Dorpsbelang staan de uitgekeerde bedragen vermeld. Het totaal vanaf 1998 t/m 2015 uitbetaalde uitkeringen bedraagt € 148.905,-.

Gaarne willen wij de normale reguliere aanvragen graag bij de jaarvergadering van Dorpsbelang afhandelen. Spontane akties, zoals bvb “de Nacht van de Nacht” mogen altijd worden aangevraagd.

Gedurende het jaar 2015 heeft het harder gewaaid dan in de voorgaande jaren, waardoor een flink hogere produktie van 30.150.000 kWh is gerealiseerd (in 2014 26.980.000 kWh en in 2010 22.128000 kWh). De maand december was een uitschieter met 4.600.000 kWh. In de loop van het jaar 2015 is de subsidie op de levering van stroom voor de 6 in het jaar 2008 geplaatste molens vervallen. Voor de opbrengst van deze molens wordt nu alleen de grijze stroomprijs betaald.

Onze actie voor de aanschaf van zonnepanelen is nog steeds van kracht. Een aan-vraag met een kopie-faktuur van de aanschaf van deze panelen kunt u het gehele jaar indienen bij Jos Falkena, Sylroede 13, Tjerkwerd of eventueel via ons mail-adres : windkracht10tjerkwerd@gmail.com

Het bestuur.

Van de kerkrentmeesters van Tjerkerd -Dedgum.

Zoals u weet hebben we op het kerkhof van Tjerkerd een baarhokje staan.

Deze is al een tijd in gebruik en begint daarom gebreken te vertonen.
Het dak wordt minder, de krimpe wordt er niet beter op en ook het houtwerk er omheen heeft er wel eens beter uit gezien.

Wij als kerkrentmeesters vinden eigenlijk dat dit baarhokje opgeknapt moet worden. Er is een mogelijkheid om dat door een bouwbedrijf te laten doen, maar misschien kunnen we het ook met z' n allen voor elkaar krijgen .
